

De myte fan de oermins

F20 15-10-11

Roman

troch Jaap Krol

It kadoboek fan de Moanne fan it Fryske boek is dit jier *De Treastfûgel* fan Hylke Speerstra. Twa famylje steane dêryn sintraal: de famylje Wytsma/Namminga/Hiemstra en de famylje Boorsma. De famylje moetsje elkoar foar it earst earne yn de twadde helte fan de njoggentjinde ieu, yn de bern Ytsje Wytsma en Meindert Boorsma. Hichtum is it plak fan moeting. Foarút-wizend nei de útfleanende generaasjes seit Meindert (om syn fûgelkennis en -imitaasjes ek wol 'Meindert Fûgeltsje' neamd) op side 8 tsjin Ytsje: '...yn elke flecht' trekfûgels fljocht in oarsoartige fûgel mei om yn dy flecht treast te bringen, want se ha in lange en swiere reis te gean.'

Ytsje Wytsma trout letter mei Hizkia Namminga, dêr't se fiif bern mei kriget. Ien dêrfan, Geartsje Namminga, sil úteinlik trouwe mei Douwe Hiemstra. Mei har mem Ytsje, broer Nammen, syn frou Lysbeth en alle bern sette se yn 1911 ôf nei Amearika.

Ien fan de bern fan Geartsje en Douwe, Nanno Hiemstra (1919), sil letter as soldaat oan de ynfaasje-meidwaan en sawol yn Frankryk, de Ardenen en yn Dútslân fjochtsje. In hiel bysûnder feit.

Dan de oare famylje: Meindert Fûgeltsje syn soan Johannes wurdt boere-arbeider en fytsmakker. Yn de earste desennia fan de tweintichste ieu wurket er as molkefeint yn Dútslân. Dat is ek ien fan de redenen dat er him letter fer-

bûn fielt mei de Grut-Dútske gedachte.

Jehannes syn soan Meindert (1919) bedarret troch in list fan in Dútske soldaat as Nederlânsk soldaat yn Dútske tsjinst op de Balkan en oan it Eastfront, dêr't er tsjûge is fan de oarlochshorror. As Meindert oan 'e ein fan de oarloch út it leger desertearret, útput troch Dútslân swalket en op it punt stiet yn te stoarten, ûntfermje de Amerikanen har oer him. Op de jiske fan it Tredde Ryk moetet Meindert Nanno Hiemstra, dy't yntusken legerkapper wurden en krekt as him syn woartels yn Hichtum hat.

Typen

De Treastfûgel is in echt Speerstra-ferhaal; histoaryske data wurde kombinearre mei fiksjje. Ek al is it dus in saneamde true-based story, de romantyk is de winner. Dy romantyk fan Speerstra is der ien fan in wrâld mei typen. Hoe't in Speerstra-type der útsjocht? Hy is earm, slachtoffer fan hegere machten (bestjoerders, stoarm, honger, molkeprizen), mar oerlibbet ta elke priis. Soms smyt dat in aardich ferhaal op, lykas de oertocht fan de famylje Hiemstra nei Amearika, dêr't de jongste bern sûnder ruft mei help fan 'e ymmigraasjtsjinst op Ellis Island telâne komme. Yn 'e bleate kont begjinne, Amerikaanske kin it net.

Neist de Speerstra-romantyk wurdt de *De Treastfûgel* karakterisearre troch in kanten-kleare presintaasje fan alle gearre feiten, dy't faak



Hylke Speerstra wol in myte kreëarje.

Foto: Eilert Lubbers

oerstallich binne. Speerstra syn grutte behearsking fan it Frysk kamûfleerret sa in stylstysk swak ferteld ferhaal sûnder literêre ferbyldingskrêft of kreative ferwurking fan histoaryske data: 'Mids febrewaris 1911 wie it D-Day foar widdo Ytsje Namminga-Wytsma (...)' (side 21).

Gearing

Sa fyn ik it ûnoannimlik dat de SS'er Meindert Boorsma op in gefaarlike nachtlige wraakmissy op de Balkan op in pleatske earst in ko melkt om de toarst te dwêsten, dan in âlde Kroaat yn syn bêd tastoppet (omdat er sa op syn

pake liket) en fúort dêrnei twa granaten yn de kelder fan syn hûs smyt, omdat dêr partisanen yn sitte soene. Wêr is hjir de benearjende spanningsbôge en technyske behearsking dy't al dizze barrens begeliedt en fan in koherente gearing foarsjocht?

Oer dy histoaryske data. Pakesizzer Meindert Boorsma wurdt yn maaie 1940 frijwillich melker yn Dútslân, harket dêr nei in Ingelske stjoerder, wurdt dêrom arrestearre en mei it ferlechje dat er moarn wer thús is, ferbannen nei in opliedingskamp fan de Waffen-SS.

No is dat miskien mooglik, mar de SS wie in frijwilligerskorps, dat hoe komme je dêr samar mei in ferlechje? Is dat it wiere ferhaal fan Meindert Boorsma, of krekt in ferdraaid ferhaal dat klakkeleas oernommen of krekt opleukt is troch de skriuwer?

Gjin plak

Yn it proaza fan Speerstra is gjin plak foar lju dy't skruuten, ûnwis, arrogant, dom of hearsksuchtich binne, eigenskippen dy't it minsklik hanneljen ferklearje kinne. As de skriuwer in oannimlik en ynteger ferhaal komponearre hie oer de feroardielde SS'er Meindert Boorsma (mei it SS-merk op 'e earm, frjemdernôch hielendal net opmurken troch de Amerikanen as se him waskje mei DDT), hie ik miskien begryp opbrocht foar Boorsma syn kar. Mar it swakke fan de *De treastfûgel* is dat Meindert Boorsma yn it ferhaal in oarlochsmis-

diediger is, dy't er tagelyk net wêze mei fan de skriuwer - dan past er ommers net yn it byld fan de oermins, de boere-arbeider mei it suvere arbeidsetos en goudene hert. It proaza yn *De Treastfûgel* is dan ek fan in ferbjusterjende logika: as it der stiet, is it sa.

Dit boek wol, lykas alle

Hy is molkefeint yn Dútslân en fielt him ferbûn mei de Grut-Dútske gedachte

boeken fan Speerstra, in myte kreëarje: de myte fan de nommele, sterke en manlike oerFries. Mar oerFriezen besteane net en hawwe ek nea bestien.

i *De treastfûgel*. Hylke Speerstra, útjouwerij Bôrnmeer, kadoboek yn it ramt fan de Moanne fan it Fryske boek dy't moarn ôfsletten wurdt mei in literêr program om 17 oere yn 't Heerenlogement yn Harns.

Moarn kin der op fertoan fan it boek 'De Treastfûgel' ek fergees reizgje wurde mei de treinen yn Fryslân en Grins en de streekbussen yn Fryslân

